

Oan 'e ried

Jo skaaimerik:	Jo brief fan:	Us skaaimerik:	Behannele troch:	Telefoan:	Taheakke:
	31 maart 2025	0086216213	Marieke Tiekink	(0512) 386 222	

Ûnderwerp:

Beäntwurdzjen riedsfragen fan hear Hans Hofstee fan
FNP Opsterlân oer Utwreiding wolvegebiet'

Beetstersweach, 22 april 2025

Ferstjoerd op: 24 april 2025

Achte ried,

Op 31 maart 2025 hat de fraksje FNP Opsterlân skriftlike fragen steld oer Utwreiding wolvegebiet.

Mei dizze brief beäntwurdzje wy dy fragen.

1. *Binne by it kolleezje al meldingen bekend fan dat de wolf him ek noardlik fan de A7 yn Opsterlân of oars yn Fryslân al sjen litten hat?*

Antwurd

Ja, dit is by it kolleezje bekend. Wethâlder Durksz hat woansdei 2 april ek al by in skieppehâlder yn Nij Beets op besite west en hat mei him praat oer de mooglike skea by in wolve-oanfâl en wat it mei him en syn famylje docht.

2. *Kin it kolleezje der by Deputearre Steaten op oantrune dat it 'wolvegebiet' oanpast wurdt en yn elts gefal ek it noardlik part fan de gemeente Opsterlân omklammet? Sa ja, hoe?*

Antwurd

It is it kolleezje fan Opsterlân bekend dat yn de subsydzjeregeling fan Fryslân it "wolvegebiet" beheind is ta it gebiet súdlik fan de A7. It kolleezje hat der by it reguliere wolve-oerlis mei de provinsje op oantrune om dat gebiet út te wreidzjen.

3. *Soe it kolleezje dan ek by Deputearre Steaten der op oantrune kinne dat dit 'wolvegebiet' út en troch op 'e nij ikere wurdt oan de hân fan de útwreiding fan de wolf?*

Antwurd

Dit nimt it kolleezje ek mei yn boppesteand oerlis.

4. *Is ek bekend by it kolleezje wêrom der in spesifyk 'wolvegebiet' oanwezen is? Wêrom is net hiel Fryslân, of yn elts gefal Opsterlân, 'wolvegebiet', om te soarchjen dat eltse feehâlder syn skea fergoede krijt?*

Antwurd


Dit is net bekend by it kolleezje. Yn Nederlân en dus ek yn Fryslân wurdt 100% temjitte kaam foar wolveskea. Dat rint fia Bij12 (<https://www.bij12.nl/onderwerp/wolf/wolvenschade-melden/>).

Yn de kommende wiken wurdt de subsidyjeregeling besjoen troch de provinsje en tsjin it ljocht holden (evaluearre) om te kommen ta in ferfolch op de subsidyjeregeling. It kolleezje hat oanjûn by de provinsje om it gebiet út te wreidzjen en ek it nedige bedrach op in goede hichte te bringen.

Binnen it oanwiisde wolvegebiet is in subsidyjeregeling aktyf om de oanskaf fan wolfkearende maatregels te stimulearjen. Subsydzje foar it nimmen fan wolfkearende maatregels wurdt allinnich jûn yn it troch de provinsje oanwiisde wolvegebiet. It is foar GS mooglik om dêr in útsûndering op te meitsjen foar situaasjes dêr't previntive maatregels reedlikerwize net yn útfierd wurde kinne.


Wy fertrouwe derop jo hjirmei foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei freonlike groetnis,
boargemaster en wethâlders,
de gemeentesekretaris,



Sandra van 't Hooge

de boargemaster,



Andries Bouwman